

[0178]

**AUGUSTINEN TO SLEAT?**

*De kunst fan forwizen.*

It nijsgjirrige artikel fan pater A. de Meijer O.E.S.A. yn it lêste nûmer fan *Us Wurk* wie der foar my net minder nijsgjirrich om, doe't ik my dêr neamd seach as foarstanner fan 'e stelling, dat der yn Sleat in skoft Augustiner Hearremiten libbe hawwe. Op it plak, dat de pater oanhellet, hie ik skreaun, „dat ook

te Sloten een klooster was gevestigd" en "toen dit klooster gesticht werd, bestond het plaatselijk heiligdom reeds". Dat waard taljochte yn in noat: "Dit klooster, dat volgens de *Hist. Ep. Leov.*, p. 69, een convent van Augustijnen zou zijn geweest, moet tussen 1472 en 1479 te Sloten gevestigd zijn" <sup>1</sup>).

Men soe sizze, in bern lêst hjirút, dat de meidieling oer de Augustinen dêr folslein foar rekken fan Van Heussen litten is. Ik hie it dan ek fierders net oer Augustinen, mar gong troch mei in taljochting fan hwat ik yn 'e tekst oer parochy en kleaster sei. Foar dat lêste helle ik de twa testaminten út Sipma oan en ek de akte fan houliksbitingsten fan Luts fan Harinxma út it Van Ewsumarchyf to Grins (dy't pater de Meijer dus allegearre yn myn noat foun hat, hwat men út syn artikel net gewaerwurde kin).

It wurdt dan noch nuverder, as men sjocht, dat de skriuwer alle war docht om to biwiizgjen, dat út dy twa plakken by Sipma *net* folget, dat der Augustinen yn Sleat wenne hawwe. Der is wier gjin minske, dy't dat sein hat!

Ek it *Monasticon Batavum* II, 1941, dêr't ik doedestiden op forsyk fan Dr. P.C. Boeren it artikel oer Sleat foar skreaun haw (side 175), hâldt dy saken sekuer útinoar. Dat bigjint mei: „De mening, dat hier sprake zou zijn van Augustijner bedelmonniken, berust *uitsluitend* op een passage van Van Heussen, *Hist. Ep. Leov.*, 1723, p. 69" ensafuorthinne.

Mei de forliking tusken de twa oarkonden út Sipma woe ik inkeld en allinne mar bisykje om it bigiin fan it kleaster dat to Sleat west hat oan to tsjuten, hwerby't dus net yngien waard op 'e frage, hokfoar soarte fan paters dêr wenne hawwe. Mar lês nou jitris hwat pater de Meijer ús dêroer fornijt: „Het is vooral (!) naar aanleiding van het tweede testament, dat men in de *broeren tho Slaet* Augustijnen ziet, aangezien de Dominicanen en Franciscanen met name genoemd worden, alsook het klooster te Franeker (Kruisbroeders) en dat te Woudsend (Karmelieten)". Soks slacht nearne op. Dat "vooral" is in foarbyld fan it meast wylde „hineininterpretieren". By my en likemin yn 'e *Encyclopedie van Friesland*, de beide boarnen, dy't de skriuwer opjowt, is der eat to finen, dat dy kant útgiet. Ik bin it der fansels folslein mei iens, dat it testamint fan 1472 neat mei in kleaster fan Augustinen yn Sleat út to stean hat, mar der is ek gjinien, dy't dat úthâlden hat. Ut dat testamint hie ik sels opmakke, dat der yn 1472 noch *hielendal gjin* kleaster yn Sleat wie! Sjoch dêrfoar hwat ik hjirboppe út myn noat oernommen haw: "Dit klooster ... moet *tussen* 1472 en 1479 te Sloten gevestigd, zijn". Om dat ta to ljochtsjen wiis ik op it neikommende: yn it stik fan 1472 seit Watse Harinxma, sûnt 1458 foargoed hearskip to Sleat wurden (Worp van Thabor, *Kroniek van Friesland* IV, útj. 1850, s. 106), in dotaesje ta oan *dyo tzercka to Slaet*; fan in kleaster dêrre is dan noch gjin praet, wylst dy Harinxma oare kleasters op 'e gerjochthchheit fan syn famylje: Snits, Wâldsein, Nijekleaster e.o. àl hwat taseit. Wy kinne praktysk wol mei wissichheit sizze, dat in kleasterstifting yn it lytse Sleat net sûnder syn goedfinen en meiwurking ta stân komme koe en wy hawwe dêrom reden om oan to nimmen, dat der doe ek net sa'n stifting bistie; wylst yn 1479, yn it testamint fan Schelte Lyauckema, *dae broeren tho Slaet* foar it earst neamd wurde. Mar

1) Arch. Aartsb. Utrecht, 65, 1946, s. 186.

jitris, dat is in oare kwestje, en yn *dat forbân* binne de konfraters fan pater de Meijer alhiel net op 't aljemint kommen.

Wy hoopje oars net, dat alle forwizingen fan p. de Meijer likefolle krêft hawwe en dan kinne wy der wiis mei wêze, dat hy ús fornijt, dat *broder Henrick president to Sloeten* ûnmooglik in Augustyn west ha kin, mei't dy mûntsen allinne mar *priors* en *terminarii* kend hawwe, en gjin presidinten. Dy titel komt foar yn in stik út 1507, dat ik yn it Van Ewsum-archyf to Grins foun haw. It hie aerdich west, as pater de Meijer sels yn it Van Ewsum-archyf omsneupt hie om to sjen, oft der faeks noch oare fynplakken binne yn forbân mei it bidoelde kleaster of mei "broder Henrick". Dat Frou Hartgerink-Koomans yn har treflik proefskrift oer *Het geslacht Ewsum* (1938) har net mei sokke bisûnderheden yn jown hat, strykt mei de opset fan har stúdzje. It Van Ewsum-archyf is ûnbidige ryk oan details, ek oan details dy't Fryslân oanbilangje en it soe der wier nochris op neigien wurde moatte. Hokker wichtige dingen oft soks opsmite kin, docht bygelyks bliken oan it artikel, dat p. de Meijer syn "kommentaar" yn 'e pinne jown hat: men kin dêr in nijsgjirrige briefwiksel fan twa Karmeliter priors fan Wâldsein mei Johan van Ewsum yn fine (*Archief Aartsbisdom Utrecht*, 65, 1946, s. 234-249).

De nuvere bineaming fan *broder Henrick*, dy't yn 1507 to boek stiet as *president* to Sleat, sil nochris tige stúdzje fan makke wurde moatte. Kin dy ek de oantsjutting wêze fan de bistjûrder fan in kleastermienskip, dy't him noch net alhiel ta de steat fan konvint ûntjown hie? Yn ús tiden brûke hja by de *Karmeliten* yn sa'n gefal de titel *praeses*. It testamint fan Schelte Lyauckema hat it yn ien en deselde rigele oer *dy convent* to Wâldsein (Karmeliten) en *dae broren tho Slaet*. Yn 'e boarnen de Karmeliten oanbilangjende is neat to finen oer in stifting of in foarriedige delsetting to Sleat. Byhwanear't de bineaming *president* doe yn sa'n bitsjutting by ien fan 'e biddeloarders foarkaem, soene wy bygelyks tinke kinne oan in biheinde opdracht, mûlk oan de bitsjinning fan in kapel - *dvo tzercka* fan Watse Harinxma! -, wylst de offisiële sielesoarch oan Wikel en Tsjerkgaest bleau. Hwant earst yn 'e tiid fan Cunerus Petri is fan Sleat in selsstannige parochy makke. Mar doe wie der fan "broeren" alhiel gjin praet mear en, it hat wol kâns, dat dy paters fan Sleat yn earsten ien fan 'e lytse riedsels fan ús midsieuske tsjerkeskiednis bliuwe, faeks wol foar altiten!

Wytmarsum, rispmoanne 1961.

*H.W.F. Aukes.*